

EUROPEESKE PARLEMINTSFERKIEZINGEN 2024

FERKIEZINGS- PROGRAMMA

Volt

TAKOMST  MADE IN EUROPE

IN EUROPA FOAR ELTSENIEN

De konflikten dy't hjoed de dei yn 'e wrâld útbrekke, bringe ús yn it sin dat de measten fan ús it lok hân ha om al tsientallen jierren yn frede en feilichheid te libjen. Dizze histoarysk unike perioade fan frede hawwe wy te tankjen oan it proses fan Europeeske yntegraasje. Dit proses hat mear as it grutste part fan 'e Europeanen net allinnich stabiliteit brocht, mar ek ûnbekende wolfeart.

Hoe suksesfol it Europeeske projekt ek west hat, de mooglikheden binne noch net allegearre wiermakke. Wy wurde op ús kontinint konfrontearre mei slimme krisissen: oarloggen oan ús grinzen, in klimaatramp, fluch tanimmende earmoede, ekonomyske fertraging en in ûnwaardige behanneling fan minsken op syk nei in taflechtsoard. Dizze problemen wurde no net oplost.

Nasjonale regearingen pakke dy swierrichheden mar heal oan. En dêrby doche se ek gauris ûnderstek oan de belangen fan har mei-Europeanen. Wêr giet it mis? Ditsoarte fan krisissen hâlde net op by de lânsgrinzen. Sadwaande is it foar nasjonale regearingen ûnmooglik om dizze krisissen allinnich yn en foar it eigen lân op te lossen. Mei as resultaat: ferdieldheid, ekstremisme en ferlamming.

Mar it kin ek oars. **Wy kinne dy útdagingen oerwinne as wy as Europeanen gearwurkje yn in ferienige, federaal en echt demokratysk Europa. Mei-inoar kinne we in Europa opbouwe dat syn mooglikheden wiermakket. Dat wurket foar ús allegear, wa't we ek binne, wêr't we ek wenje en wat we ek dogge.** In Europa dat himsels ferdigenje kin en de frede yn 'e wrâld helpe kin te bewarjen.

In Europa dat wisberet oerstapt op duorsome enerzjy en der noed foar stiet dat elk de basisbehoeften betelje kin. In Europa dat in taflecht biedt oan minsken dy't in feilich hinnekommen sykje en minsken mei talint oanlûkt, dy't ús helpe om te berikken dêr't wy sels net ta by steat binne. In Europa mei in ekonomy dy't wolfeart bringt en tagelyk ús planeet beskermet. In Europa dat him net ferskuorre lit troch in ûnminsklike, nasjonalistyske en populistyske polityk dy't foar twaspjalt soarget. In Europa dat him ûnderskiedt troch weardichheid, solidariteit, earlikens en transparânsje, en syn boargers by steat stelt winsklike feroaringen ek wier troch te fieren.

VOLT IS OPRJOCHE TE OMSA'N EUROPA OP TE BOUWEN.

As earste echt pan-Europeeske partij kinne wy op in oare wize polityk bedriuwe. Wy bringe de kennis en perspektiven fan tûzenen minsken mei-inoar - fan Ierlân oant Roemenië, fan Finlân oant Malta - om op feiten basearre belied te ûntwikkeljen. En wy stribje oeral yn Europa itselde belied nei.

Miljoenen Europeanen ha ús har stim al tabetroud, likegoed op gemeentlik, nasjonaal as op Europeesk nivo. Al mear as 125 Volters fertsjintwurdigje boargers yn lannen as Bulgarije, Dútslân, Grikelân, Italië, Nederlân en Portugal.

Us langetermyndoel is 23 sitten helje yn 7 lannen. Dat sil ús ta in ûnôfhinklike politike kracht meitsje en dat sil sjen litte dat in pan-Europeeske demokrasy, dy't basearre is op wearden, de takomst is.

**BIST IT DERMEI IENS DAT WE YN
EUROPA OP IN OARE MANIER OAN
POLITYK DWAAN MOATTE?**

**LEAUSTO YN IN TAKOMST
'MADE IN EUROPE'?**

Scan dan de QR-koade en wurd diel
fan de feroaring!



IN BETTERE EU

Wy meitsje de EU demokratysker en wy jouwe minsken mear sizzenkip	5
Wy fergrutsje de transparânsje en bestride korrupsje en autokratyske diktoriale tendinsen	5
Wy jouwe Europa in krachtige stim op it wrâldtoaniel en meitsje Europa foar syn feilichheid ûnôfhinklik fan oaren	6
Wy stelle de Europeeske ekonomy feilich mei in nije fiskale struktuer	6
Wy befoarderje frede en minskerjochten troch help fan help, hannel, en útwreiding fan de EU	6

EKONOMY

Wy berikke sa fluch en earlik mooglik klimaatneutraliteit	7
Wy modernisearje ús enerzjy-ynfrastruktuer en wy ferskove ferkear op 'e dyk en yn 'e loft nei it spoar	7
Wy beskermje ús planeet troch duorsum hanneljen te befoarderjen	8
Wy litte digitalisearring foar elkenien wurkje	8
We meitsje Europa lieder op it mêd fan ynnovaasje en konkurrinsjekrêft	8
Wy fasilitearje minsken út de hiele wrâld om yn Europa te wurkjen en ekonomyske wearden te kreëarjen	9

MAATSKIPPIJ

Wy garandearje kwalitatyf goed, op 'e takomst rjochte ûnderwiis foar elkenien	10
Wy bestride diskriminaasje sadat elkenien deselde rjochten en kânsen krijt troch	10
Wy befoarderje in goede libbenstandart troch fitale iepenbiere tsjinsten oan te bieden en sosjale solidariteit te stimulearjen	11
Wy fiere in earlik en human asybelied yn	11
Wy steane noed foar de rjochten fan minsken yn de digitale wrâld en ek foar in digitalisearring dy't yn tsjinst stiet fan alle Europeanen	11

IN BETTERE EUROPEESKE UNY

Nei twa ferwoastjende oarloggen brocht de ienwurdig fan Europa foar it earst in tiid fan frede en wolfeart. Se hat sjen litten hoe't men gearwurkje kin om't we allegear minsken binne, en dat we oar lânsgrinzen hinne twaspjalt en ferneatiging foarkomme kinne. Mar de hjoeddeistige Europeeske Uny is noch net wat it wêze kinne soe. Yn in tiid dat populisme en ûnfrede tanimme, is it fan fitaal belang dat wy ús EU sa foarmjouwe dat it foar ús allegear wurket.

HOE SILLE WY ÚS EU BETTER FUNKSJONEARJE LITTE?

WY MEITSJE DE EU DEMOKRATYSKER EN WY JOUWE MINSKEN MEAR SIZZENSKIP TROCH:

- + **in federaal Europa** op te rjochtsjen mei Europeeske partijen en in Europeeske regearing ûnder lieding fan in Europeeske premier;
- + de Ried fan Europa te feroarjen yn in Europeeske Senaat, it nasjonale fetorjocht ôf te skaffen en it Europeesk Parlemint it foech te jaan om wetten foar te stellen;
- + **de stimberjochtige leeftyd te ferleegjen nei 16 jier** en boargers ta te stean om wetten foar te stellen fia petysjes.

WY FERGRUTSJE DE TRANSPARÂNSJE EN BESTRIDE KORRUPSJE EN AUTOKRATYSKE DIKTORIALE TENDINSEN TROCH:

- + **in nij Europeesk Konstitúsjoneel Hôf** op te rjochtsjen dat nasjonale wetten werroppe kin op grûn fan in nije EU-grûnwet;
- + EU-fûnsen en EU-stimrjocht te skrassen fan regearingen dy't de demokrasy, de frijheid fan de pers, grûnrjochten en/of it ûnôfhinklike rjochtssysteem yn har lân ûnderúthelje, en yn stee dêrfan streekrjochtse finansiering fan gemeenten en stêden ta te stean;
- + it ôftwingen fan Europeeske regels dy't foarkomme dat sjoernalisten it swijen oplein wurdt, en dy't lobbyisten al har gearkomsten op ien platfoarm registrearje litte om sa politysy ta ferantwurdig roppe te kinnen.

WY JOUWE EUROPA IN KRACHTIGE STIM OP IT WRÂLDTOANIEL EN MEITSJE EUROPA FOAR SYN FEILICHHEID ÛNÔFHINKLIK FAN OAREN TROCH:

- + **in Europeeske kriichsmacht** yn te rjochtsjen dy't ûnder kontrôle stiet fan it Europeesk Parlemint en mei-inoar wapens oan te skaffen;
- + **in Europeeske minister fan Bûtenlânske Saken** oan te stellen dy't it ferienige en op wearden basearre bûtenlânbelied útdraacht en dy't wurket oan wrâldwide konsensus oer kwestjes as klimaat, keunstmjittige yntelliginsje (AI) en cyberfeiligens;
- + **in Europeesk FDI-systeem (Foreign Direct Investment)** op te setten dêr't direkte bûtenlânske ynvestearings yn kritike en strategyske ynfastruktuer mei trochljochte wurde, en in mienskiplike ynljochtingetsjinst yn te fieren.

WY STELLE DE EUROPEESKE EKONOMY FEILICH MEI IN NIJE FISKALE STRUKTUER TROCH:

- + de eurosône en de banke uny te foltôgjen en in nije **Europeeske minister fan Finânsjes** te machtigjen om in jierlikse begutting op te stellen;
- + de EU yn steat te stellen om ekonomyske skokken op te fangen troch dúdlike regels yn gefal fan tekoarten by beguttingstekoarten, herfoarmingseasken en stabilisearjende ynvestearingsynstruminten;
- + **in minimumbelestingtarif fan 22%** foar bedriuwen yn te fieren yn de hiele EU en bedriuwswinsten te belêsten dêr wêr't se makke wurde.

WY BEFOARDERJE FREDE EN MINSKERJOCHTEN TROCH HELP FAN HELP, HANNEL, EN ÚTWREIDING FAN DE EU TROCH:

- + hannelsoerienkomsten te befoarderjen dy't basearre binne op duorsumens en minskerjochten om sa de hannelsôfhinklinkens fan Europa diverser te meitsjen;
- + Mear as **100 miljard euro by te dragen oan offisjele ûntwikkelingshelp** en de finansiering fan help te koördinearjen fia in Europeesk Untwikkelingsagintskip (European Development Agency);
- + **Oekraïne te stypjen** mei wapens en fûnsen oant it syn territoriale yntegriteit weromwûn hat, en foar **in nije en manier dêr't kandidaat-lidstaten stap foar stap oansluting krije kinne by de EU op in wize dy't earliker, transparanter en effisjinter is.**

IN YNNOVATIVE EN KLIMAATNEUTRALE EKONOMY

De Europeeske ekonomy soarget al tsientallen jierren foar in hege libbensstandert. Mar wy witte dat oan dat sukses in priiskaartsje hinget. Hast alle dagen wurde we wakker mei nijs oer klimaatrampen: oerstreamingen yn it iene part fan Europa en brannen yn in oar part. Wy witte dat at wy oerlibje wolle en bedije, wy úse ekonomy oars oan stjoere moatte. Sa krije we yn dizze krisis in kâns foar in positive feroaring. Wy kinne de ynnovaasjekrêft, de kreativiteit en it talint fan Europa ynsette foar it opbouwen fan in duorsume, klimaatneutrale ekonomy dy't ús troch de 21e iuw liedt.

HOE BOUWE WY IN EUROPEESKE UNY DY'T KLEAR IS FOAR DE 21E IUW?

WY BERIKKE SA FLUCH EN EARLIK MOOGLIK KLIMAATNEUTRALITEIT TROCH:

- + te stribjen nei in **klimaatneutrale ekonomy yn 2040** en in **klimaatneutrale enerzjysector yn 2035**;
- + **in ein te meitsjen oan de subsydzjes foar fossile brânstoffen**, it emisjehannelssysteem út te wreidzjen en de ynkkomsten dêrfan te brûken om dejingen te helpen dy't it swierst troffen wurde troch de griene transysje;
- + in strategy foar griene banen út te wurkjen foar probleemregio's troch de **berikberens en ynfastruktuer te ferbetterjen**, troch omskoalling te stypjen en troch gear te wurkjen mei bedriuwen en ûnderwiisinstellings yn strategyske sektoaren.

WY MODERNISEARJE ÚS ENERZJY-YNFRASTRUKTUR EN WY FERSKOWE FERKEAR OP 'E DYK EN YN 'E LOFT NEI IT SPOAR TROCH:

- + de ekonomy te stypjen mei in **Europeesk 'smart' enerzjywurk en fluggere fergunningen foar nije enerzjy**, troch enerzjybesparjende inisjativen te stypjen en troch boargers yn steat te stellen enerzjy werom te leverjen oan it net;
- + **de folsleine útfasearring fan stienkoal yn 2030** te befoarderjen en gjin nije fergunningen út te jaan foar it boarjen nei fossile brânstoffen;
- + **in betelbere, ûnderinoar ferbûne hegesnelheidstreintsjinst** op te setten om it loftferfier binnen Europa te ferfangen.

WY BESKERMJE ÚS PLANEET TROCH DUORSUM HANNELJEN TE BEFOARDERJEN TROCH:

- + **beskerming fan bistewolwêzen** troch langeôfstânsferfier fan bisten nei net-EU-lannen en iensume opsluting fan bisten yn de feehâlderij te ferbieden;
- + subsydzjes foar miljeu-ûnfreonlike lânboupraktiken ôf te bouwen en fûnsen oan de regeneratieve lânbou ta te kennen;
- + binende Europeeske en **nasjonale doelen te stellen foar it behâld fan bioferskaat**, troch natuerherstelprojekten foar lân en wetter te stypjen en troch lânseigen en bestowende ynsekten te beskermjen.

WY LITTE DIGITALISEARRING FOAR ELKENIEN WURKJE TROCH:

- + in *one-stop-shop* op te setten om startende bedriuwen en lytse en middelgrutte ûndernimmingsen fluch troch de burokrasy te navigearjen en it Ingelsk yn te fieren as ekstra offisjele taal yn hiel Europa;
- + derfoar te soargjen dat alle **oerheidstsjinsten yn hiel Europa opinoar oansletten binne** en mei-inoar gearwurkje kinne en in iepen data - en iepen source-oanpak ôf te twingen foar alle publyklik oanskafte software en gegevens;
- + **de EU Digital Identity Wallet út te rôljen** (it systeem wêryn't elke EU-boarger in unike digitale EU-identiteit ynklusyf gegevensopslachromte krijt), mei kontrôle troch de brûker, desintralisearre gegevensopslach en robúste gegevensbeskerming.

WE MEITSJE EUROPA LIEDER OP IT MÊD FAN YNNOVAASJE EN KONKURRINSJEKRÊFT TROCH:

- + **de topkwaliteit fan EU-ûndersyk te befoarderjen** en de bydrage oan Horizon Europa te fertrijefâldigjen ta 300 miljard euro en de tagong ta finansiering foar startende en lytsere bedriuwen makliker te meitsjen;
- + fan grutte ynvestearders te easkjen dat se fan nije fûnsen op syn minst 5% yn start-ups ynvestearje, en de Europeeske Ynvestearringsbank garandearje € 100 miljoen oan lieningen útsette te litten foar ynfrastruktuerprojekten foar start-ups;
- + **op Europeeske skaal te ynvestearjen** yn weardeketens dy't fan strategysk belang binne om sa de ynterne merk en de lidsteaten frij te stellen fan ûnderlinge konkurrinsje.

WY FASILITEARJE MINSKEN ÚT DE HIELE WRÂLD OM YN EUROPA TE WURKJEN EN EKONOMYSKE WEARDEN TE KREËARJEN TROCH:

- + wurknimmers yn steat te stellen om op ôfstân **grinsoerstiigjend te wurkjen** en freelancers (*gig-ekonomy-wurknimmers*) deselde beskerming te bieden as wurknimmers mei in fêst arbeidskontrakt;
- + te soargjen foar **standerdisearre kwalifikaasjes** foar en erkenning fan feardichheden yn de hiele EU en de administrative kapasiteit sadanich te fergrutsjen dat húshâldingen fan wurknimmers harren binnen trije moannen by harren foegje kinne;
- + **in Europeeske migraasjekoade** op te stellen dy't it mei flugge legale trajekten maklik makket om **ynternasjonaal talint** oan te lûken op alle lean - en feardigensnivo's.

IN RJOCHTFEARDIGE MAATSKIPPIJ

Mei syn oerfloedige helpboarnen soe Europa in plak wêze moatte dêr't minsken út de hiele wrâld in bloeiende takomst foar harsels en har mienskip kreëarje kinne. Dochs wurdt dielname oan de maatskippij foar in soad beheind troch diskriminaasje, minne tagong ta tsjinsten en ûngelikense ferdieling fan rykdom. Troch diskriminaasje oan te pakken en út te bannen, troch op te kommen foar de rjochten fan minsken en der noed foar te stean dat elkenien tagong hat ta wat nedich is, kinne wy in mear rjochtfeardige mienskip opbouwe dêr't elkenien yn groei kin, wat de achtergrûn en libbensomstannichheden ek wêze meie.

HOE BOUWE WY IN EARLIKE, RJOCHTFEARDIGE MAATSKIPPIJ?

WY GARANDEARJE KWALITATYF GOED, OP 'E TAKOMST RJOCHTE ÛNDERWIIS FOAR ELKENIEN TROCH:

- + it budzjet foar it EU-útwikselingsprogramma's te ferheegjen om **ERASMUS+ tagonklker en ynklusiver** te meitsjen foar alle skoalbern, dosinten en learlingen;
- + it rjocht op **kwalityf goede, fergeze dei-opfang, betelber ûnderwiis** en permaninte edukaasje wetlik te garandearjen en feardichheden te befoarderjen dy't nedich binne yn in griene en digitalisearre ekonomy;
- + De mentale problemen fan jongeren oan te pakken troch **inisjativen op it mêd fan geastlike sûnens** en foarljochting oer sûn gebrûk fan sosjale media op skoallen te finansieren.

WY BESTRIDE DISKRIMINAASJE SADAT ELKENIEN DESELDE RJOCHTEN EN KÂNSEN KRIJT TROCH:

- + derfoar noed te stean dat alle EU-ynstellings **rekken hâlde mei ferskillen tusken genders** by beliedsfoarming;
- + **it rjocht op abortus, antykonsepsje** en wiidweidige foarljochting oer seksuele en reprodktive rjochten, **it rjocht om op itselde houlik** en **it rjocht op wetlike gendererkenning yn de wet fêst te lizzen**;
- + in **Europeesk Aginda foar Beheinings** oprjochtsje om in folsleine útfiering te garandearjen fan it VN-ferdrach oangeande de rjochten fan minsken mei in beheining.

WY BEFOARDERJE IN GOEDE LIBBENSTANDART TROCH FITALE IEPENBIERE TSJINSTEN OAN TE BIEDEN EN SOSJALE SOLIDARITEIT TE STIMULEARJEN TROCH:

- + Establish a regionally cost-adjusted **European Basic Income (EBI)** that covers basic living expenses while incentivising well-paid work.
- + Enable the EU to directly finance **social housing** projects in the most affected cities.
- + Set up direct local-level funding to support communities to **integrate newcomers** according to their needs.

WY FIERE IN EARLIK EN HUMAAN ASYLBELIED YN TROCH:

- + humanitêre rûtes te kreëarjen om **kwetsbere minsken in feilige trochgong te bieden** en om it massale ferlies fan minskelibbens yn de Middellânske See en de Atlantyske Oseaan foar te kommen;
- + **asylsikers oan de EU-grinzen fluch en earlik oer de lidsteaten te ferdielen** op basis fan in kombinaasje fan frijwillige regionale en ferplichte nasjonale ôfspraken;
- + wetlik te regeljen dat **asylprosedueres binnen trije moanne** ôfrûne wurde en dat asylsikers **sosjale, juridyske en psychologyske stipe** krije.

WY STEANE NOED FOAR DE RJochTEN FAN MINSKEN YN DE DIGITALE WRÂLD EN EK FOAR IN DIGITALISEARRING DY'T YN TSJINST STIET FAN ALLE EUROPEANEN TROCH:

- + **in Europeeske streamingstsjinst** op te setten dy't boargers fergees tagong jout ta alle media dy't yn de hiele Europeeske Uny mei oerheidsjild produsearre binne;
- + de ' Ferklearring oer Europeeske digitale rjochten en begjinsels foar it digitale desennium ' (Declaration on European Digital Rights and Principles for the Digital Decade) juridysk binend te meitsjen;
- + **belesting te heffen op ynkomen út digitale technologyen** yn it lân dêr't dy generearre wurde, ús te fersetten tsjin wetjouwing dy't de netneutraliteit bedriget en maatregels te nimmen tsjin ûnethysk gebrûk fan AI.